



Kleasters en geweld yn let-midsieusk Fryslân

HANS MOL

GESCHIEDENIS, FRYSKJE AKADEMY (KNAW) TE LEEUWARDEN EN UNIVERSITEIT LEIDEN

Hoe gedrage kleasters har yn konfliktsituaasjes yn gebieten sûnder sterk oerheidsgesach? Westerlauwersk Fryslân liket in nijsgjirrige regio om dat út te finen. It hie yn de lette midsieuwen ommers gjin lânshear en it tilde op fan de kleasters en konvinten. Om 1500 hinne telde it net minder as 50 fêstigings fan religieuze oarders.¹ De measte dêrfan wiene yn de tolfde en trettjinde ieu ûntstien en hearden ta kleasterferienigings dy't yn dy tiid populêr wiene: de Benediktijnen, de Augustynske koarhearen, de Cistersiënzers, de Premonstratinzers en de riddeoorders. Bysûnder foar de religieuze mienskippen fan dy generaasje yn Fryslân wie dat se sawol manlju as froulju yn har midden hiene. Yn de measte gefallen gie it om dûbelmienskippen ûnder lieding fan ien man - al wiene de muontsen en nonnen dan ornaris wol romtlik fan elkoar skieden. De konvinten fan de twadde generaasje, dy't nei 1400 op it toaniel ferskynden, wiene gjin dûbelkleasters mear. Hja binne yn twa groepen te ferdielen, te witten de kontemplative mienskippen fan herfoarmingskongregaasjes lykas dy fan Windesheimers en Krúshearen, en de ienfâldige sobere huzen fan likesusters of 'bagijnen' dy't de tredde regel fan Sint Franciscus of in oare soartgelikense regel folgen. Sûnt de ein fan de fjirtjinde ieu wiene dêrfan in mannichte yn it bisdom Utrecht ta stân kommen, benammen yn de grutte stêden. Yn Fryslân binne der ek frijwat fan stichte, mar dan op it plattelân, al leine se yn de measte gefallen net fier bûten de stêd. Dat betsjutte, alles mei elkoar, dat fjouwer op de fiif kleasters yn Fryslân om 1450 hinne de beskerming fan de stêdsmuorren of bolwurken misse moasten. As we no witte dat it oerheidsgesach yn Westergoa, Eastergoa en oare frije Fryske lânsgemeenten tige swak wie en de gemeenten, by wa't dat gesach rêste, nei 1400 yn hieltiten lytsere parten splist waarden dy't amper in administrative en rjochtlike ynfrastruktuer hiene, dan komt de fraach op hoe - en mei hoefolle sukses - de religieuze mienskippen fan de ferskate oarders en generaasjes mei geweld of driging fan geweld omgiene. Dat liket benammen foar de fyftjinde ieu fan belang, doe't yn Westerlauwersk

1 Foar in koarte ynlieding, sjoch J.A. Mol, 'Bemiddelaars voor het hiernamaals. Kloosterlingen in middeleeuws Frisia', yn: E. Knol e.o. (eds.), *Hel en hemel. De Middeleeuwen in het Noorden. Catalogus van de tentoonstelling in het Groninger Museum 13 april - 2 september* (Grins 2001) pp. 152-164.





Fryslân in soad frijheid wie foar it tapassen fan fysyk geweld yn saken fan macht, eare en bloedwraak.²

Manieren foar kleasters om geweld te kearen yn de tolfde en trettjinde ieu

Yn teory hearden kleasters stikjes himel op earde en dus eilantsjes fan frede te wêzen yn in see fan ûnrêst. Har oersten spanden har yn om skelen tefoaren te kommen en al rinnende konflikten sa gau mooglik te beëinigen. Dat diene se ûnder mear troch it ta stân bringen fan lânsfredes en godsfredes – foar in pear fêste dagen yn de wike, of sels foar in pear jier - mei it each op it wolwêzen fan de swakken en wearleazen, mar ek foar de tsjerke yn it algemien en har eigen ynstellings yn it bysûnder. Foar safier't wy dat út de oerlevere kroniken fan de tolfde en trettjinde ieu helje kinne, moatte de earste generaasjes fan Fryske abten op dit mêd grutte suksessen boekt hawwe. Yn it tiidrek fan de krústochten profitearren hja enoarm fan it entûsiasme fan de befolking foar de tsjerke en har ambysjes. Krektlyk as de monastike helden fan it ier tolfde-ieuske Bourgondië waarden se wolkom hjitten als garismatyske predikers dy't de kultus fan eare en geweld, dy't doe de Fryske maatskippij yn 'e macht hie, beheine en ôfswakke koene. De *Vitae Abbatum Orti Sancte Marie* of Abte- libbens fan it Premonstratiner kleaster Mariëngaarde ferhellet bygelyks triomfantlik hoe't de earwurdige pastoor Frederik fan Hallum de lokale kriichshear Goslic bekearde troch him syn swurd foar it alter del lizze te litten.³ Sokke teksten út in hagiografyske tradysje jouwe mooglik in al te posityf byld fan wat barde, mar der binne ek oare boarnen foarhannen dy't de rol fan de abten befêstigje. Kânsen foar it stichtsjen fan frede diene har foar as der in krústocht organisearre waard en de bekende fjochtersbazen foar de goeie saak earne oars ynset wurde koene. Dan wie it fete- geweld binnen de eigen regio tusken de perken te hâlden. Yn de kronyk fan it kleaster Bloemhof te Wittewierum wurdt fan in beskate abt sein dat tanksy syn ynspannings Fivelgo in perioade fan frede fan net minder as tolve jier belibbe!⁴ Dat wie blykber in enoarme prestaasje, dêr't de eigen ynstelling net yn it lêste plak fan profitearre.

Bestjoerlike macht hiene de abten net. Se koene net as rjochters keazen wurde, al wiene se troch har yntellektuele foarming en kennis wol by

2 P.N. Noomen, 'De Friese vetemaatschappij: sociale structuur en machtsbases', yn: J. Frieswijk e.o. (eds.), *Fryslân, staat en macht 1450-1650* (Hilversum 1999) pp. 43-64.

3 H.Th.M. Lambooy en J.A. Mol (eds.), *Vitae Abbatum Orti Sancte Marie. Vijf abtenlevens van het klooster Mariëngaarde in Friesland* (Hilversum 2001) pp. 178-181.

4 A. Mulder-Bakker, 'Oculus ecclesiae or the eyes of the people. Church and society in medieval Frisia', *Journal of Medieval History*, 11 (1985) pp. 295-314, 311.





steat om as arbiters op te tredzjen en de rjochters by it opstellen en wizigjen fan wetten rie te jaan. Wol koene se gesach útoefenje fia de beskermjende macht fan de hilligen dy't yn har kleasters fereare waarden,⁵ én troch it religieuze prestiizje dat se binnen har grutte rûnte fan sponsors en begeunstigers hiene. Wichtich wie ek dat se op stipe rekkenje koene fan de elitegroep dêr't se út wei kamen. De measte monastike liederen fan dy tiid wiene Friezen út adellike famyljes dy't soms krekt fanwege har hege komôf troch de mienskip ta abt keazen waarden. Lykas Ethelger fan de Ljouwerter Jelgera's.⁶ Hy waard in 1242 ta abt fan *Ortus Sancte Marie* oansteld op in leeftiid dat er noch net iens ta pryster wijd wie. Mei sukses, sa't it liket, om't it him slagge in grut skeel yn Fryslân east fan de Lauwers te beëinigen tanksij it ynroppen fan de help fan machtige sibben en migen.

Fan it momint ôf dat dy Fryske kleasters grutgrûnbesitters waarden, rûnen se it risiko om yn fete-geweld telâne te kommen, itsij yn bloedfetes, itsij yn skelen oer skea, of sels yn in lytse oarlochjes. Se waarden al gauris partij yn konflikten oer de eigendom en it gebrûk fan lân. Bygelyks wannear't ferearme ôfstammelingen fan iere begeunstigers spyt krigen fan de rynskens fan har foarfaars en miene koene dat it kleaster te folle besit ta eigene hie. In moai foarbyld dêrfan is te finen yn de kronyk fan de al neamde abdij Bloemhof te Wittewierum oangeande in oerfal yn 1285 op in úthof by Uithuizen yn Grinslân fan it benediktynske kleaster Rottum.⁷ Twa adellike bruorren, Godschalk en Aybold, krongen mei in kliber folk it kompleks binnen en rôven dêr alle nôt en oare foarrie, om't se net erkenne woene dat har heit twa prebinden (foar twa dochters?) definityf oan it kleaster skonken hie. In soartgelyk gefal fan publike rôverij, op basis fan sa likernôch deselde motiven, is registrearre foar it úthôf *Roderwaldmademaden* (= Hoogeheem ûnder Roderwolde) fan de Cistersiënzerinnenabdij fan Assen yn 1358.⁸

Kleasters, mei al har privileezjes wiene, goed besjoen, ferfelende ynstitúsjies foar partikuliere grûneigeners yn de omkriten, om't se grutte stikken lân út it ekonomyske ferkear weihellen en yn de deade hân brochten.

5 Yn de âlde en tolfde ieu organisearren guon kleasters yn Frankryk en Flaanderen ek wol publike 'strafprosesjes', wêrby't se op ûnderskate wizen mei har relikven yn optocht rûn lutsen om oan te kundigjen dat har hillige de fijân fan de muontsen straffe soe: A.-J.A. Bijsterveld, 'Do ut des'. *Gift Giving, Memoria, and Conflict Management in the Medieval Low Countries* (Hilversum 2007) pp. 241-245.

6 P.N. Noomen, 'Mariëngaarde en de Friese samenleving', yn: Lambooij en Mol, *Vitae Abbatum*, pp. 109-130, 120-125.

7 H.P.H. Jansen en A. Janse (eds.), *Kroniek van het klooster Bloemhof te Wittewierum* (Hilversum 1991) pp. 466-467.

8 P.J. Blok e.o. (eds.), *Oorkondenboek van Groningen en Drenthe*, 2 dln. (Groningen 1896-1899) I, nr. 461.





Boppedat makken se mei har fiskale foarrjochten de grûnbelêsting, dy't dochs opbrocht wurde moast, foar oaren krekt heger. Hoewol't se úteinlik ek net it ivige bestean hiene, wie har fuortbestean better garandearre as dat fan famyljes. Wannear't hongersneed, epidemyen en oerstreamings it lân rekken, wiene har mienskippen hast altiten wol by steat om oanfolle en fernijd te wurden; wat foar 'gewoane' famyljes faak net it gefal wie. Troch har rykdom en ynstitusjonele soliditeit wrotten se yn de rin fan de tiid hast automatysk in hiel soad elite-famyljes yn har omkriten út it stee, benammen yn Fryslân, dêr't gjin grutte feodale magnaten fêstige wiene dy't har wil oan de ûnderskate regio's oplizze koene. Ien fan de konsekwinsjes wie dat de kleasters meielkoar oan it begjin fan de fjirtjinde ieu sa likernôch fyftjin oant tweintich persint fan it bêste klaailân yn it kustgebiet yn eigendom hiene.

We moatte lykwols net tinke dat kleasters allinne mar potinsjele slachtoffers wiene. Om't se har grûnbesit aktyf eksploitearren, yn de sin dat se it grutste part fan har eigendom sels mei likebrueren of konversen bewurken of bewurkje lieten, koene se it kontakt mei de bûtenwrâld net nije. Op dy wize feroarsaken se ek sels wol swierrichheden, lilkens en bloedferjitten. Yn feite betrefte hast alle dokumintearre gefallen fan kleasters dy't mei in bloedfete te meitsjen krigen, de gefolgen fan deaslaggen begien troch konversen. Ynstruktyf hjir is it ferhaal oer in manslach op namme fan in likebroer fan Gerkeskleaster om 1450 hinne.⁹ Wannear't sa'n misdie foar it gerjocht kaam, koe er ôfhannele wurde troch de abt te feroardielen ta it beteljen fan 'deajild', yn dit gefal oan de sibben fan it slachtoffer: in beskate Sicke Eelkisma fan Akkrum, op betingst fansels dat de famylje mei de proseduere akkoart wie. Mar dat is net wat barde. By wize fan wraak, of om it kleaster ûnder druk te setten in heger kompensaasjebedrach te beteljen, organisearren de migen fan Sicke Eelkisma een fetetocht nei Gerkeskleaster dy einige yn it rôvjen fan hinders. Yn reaksje brocht de abt – as haad fan de kwasi-famylje fan it kleaster – de kwestje foar it gerjocht fan de gritenij. De sessy, dêr't alle partijen oanwêzich wiene, late blykber net ta in sintinsje mar ta in útstel om de saak yn hannen fan soenlju te stellen. Sûnder sukses lykwols, wêrtroch't it kleaster twongen waard om sels in kontra-ekspedysje te organisearjen, wêrby't noch twa oare mannen fan de Eelkisma-clan om it libben kamen. Úteinlik wie it kleaster ferantwurdlik foar net minder as trije deaslaggen, dy't it dan ek mei grutte bedraggen oan 'bloedjild' ôfkeapje moast. It soe Gerkeskleaster tweintich jier kostje ear't it alle betellings folslein ôfhannele hie.

9 O. Vries, 'Rekonstruksje fan in bloedfete mei it Gerkeskleaster as partij', yn: O. Vries, *De taal van recht en vrijheid. Studies over middeleeuws Friesland* (De Gerdyk 2012) pp. 118-150.





En Gerkeskleaster wie wis net de iennichste Fryske abdijs dy't yn sokke problemen telâne kaam. We witte bygelyks dat yn dyselde tiid it memmekleaster fan Gerkeskleaster, de abdijs fan Klaarkamp by Rinsumageast, ferplichtings hie ta it beteljen fan boetjild foar twa gefallen fan rôf en twa deaslaggen begien troch konversen of troch oare persoanen ûnder it gesach fan de abt.¹⁰ En dit barde dan noch yn in perioade dat it tal likebruorren al enoarm ôfnommen wie. Sadwaande kin men ûnderstelle dat de Fryske kleasters yn in earder tiidrek yn gâns mear bloedfetes fertiid rekke wiene as gefolch fan ûndieden troch har eigen minsken.

Muorren, grêften en fersterke huzen

De grutte abdijen fan de tolfde en trettjinde ieu moasten dêrom altiten rekken hâlde mei geweld op lytse skaal. Troch in gebrek oan boarnen is net it measte te sizzen oer hoe't se har ferdigening organisearren yn de perioade fan bloei oant sirka 1350. Se sille yn alle gefallen besocht hawwe goeie relaasjes te ûnderhâlden mei de machtichste mannen ûnder de ealju dy't it bestjoer fan de lânsgemeenten dominearren. Fierder soargen se derfoar dat har gebouwekompleksen net maklik tagonklik wiene. Kadastrale kaarten litte sjen dat kleasterterreinen systematysk troch poarten en grêften beskerme wiene. Sjoch bygelyks de plattegrûnen fan de eartiidske kleasters fan Foswerd en Anjum, dy't foar 1580 bewenne waarden troch respektivelik Benediktijnen en Reguliere kanunniken fan Sint Augustinus. Guon abdijen, lykas it boppeneamde Klaarkamp, wiene sels twa parallelle grêften omhinne. Dat moat op bûtensteanders wol de yndrok makke hawwe as gie it hjir om skânsen of goed ferdigene plakken. In spionaazjerapport dat yn 1468 makke waard foar hertoch Karel de Stoute yn it ramt fan dy syn plannen om Westerlauwersk Fryslân te feroverjen beskriuwt gâns kleasters as echte forten.¹¹

De measte kleasterregels skreaune foar dat de mienskip troch in muorre fan de bûtenwrâld skieden wurde moast. De yntinsje dêrfan wie yn it foarste plak om religieuzen oan har sels keazen isolaasje te hâlden. In twadde doel wie lykwols om har op dy wize in bytsje beskerming tsjin mooglike lêstposten te jaan, al koene profesjonele striders fansels noait mei in muorre allinnich keard wurde. Grêften wiene fan datoangeande

10 P. Sipma (ed.), *Oudfriesche Oorkonden I* ('s-Gravenhage 1927) nrs. 70 (1437): twa gefallen fan 'raef'; 79 (1440): deajild foar 'âldomke' Focko Utisma; en 130 (1452): 'daeddel' fan Gabba Rytsma. Mei tank oan Matthijs Gerrits, dy't hjir myn oandacht op fêstige.

11 N.E. Algra, *Een spionagerapport van omstreeks 1468* (Ljouwert 1967) p. 17: bygelyks it augustijner koarhearekleaster Ludingakerke (Lûntsjerk) by Harns: '... ende is zeer starck mit wyden graffen, starcker dan eenighe stede ende heeft een starcke poirte'.





effektiver. It is net krekt bekend wannear't de singels om de Fryske kleasters oanlein binne; argeologysk kin men har no ienkear lêstich datearje. Mar der binne wol oanwizings dat se al út de iere trettjinde ieu stamme. Dat jildt ek foar de *grangiae* of úthoven fan de kleasters. De measte fan dy grutte, fier fan de abdyj ôflizzende agraryske bedriuwskompleksen dy't nôt, suvel en oare libbensmiddels en nedichheden foar de muontsen of nonnen produsearje moasten en dy't troch likebruorren bemanne waarden lykje ek fan grêften foarsjoen west te hawwen. In resinte opgraving fan de Hoogeheem-úthof fan de abdyj fan Assen, tussen Roderwolde en Hoogkerk, op de grins fan Grinslân en Drinthe, hat foar it ljocht brocht dat er om 1280 hinne yn ien kear konstruearre is op in rjochthoekig perseel fan 100 by 200 meter en dat dit perseel fuort beskerme waard troch in grêft.¹²

Neffens de sechtjinde-ieuske kronyk fan de Premonstratinzer abdyj fan Lidlum, skreaun troch Sibrandus Leo, wiene guon úthoven fan dit kleaster yn it midden fan de fjirtjinde ieu mei stinzen fersterkt om har te warjen tsjin plundering en partijgeweld.¹³ Spitigernôch binne dêr gjin spoaren fan bewarre bleaun. We hawwe allinne dokumintaasje oer de fersterke bouwurken op de ôfskieden terreinen fan Lidlum sels en fan it benediktynske kleaster fan Himmelum. De stins fan Lidlum wie in stienen abtshûs fan trije ferdjippings heech, dat fêst siet oan de eastpoarte fan it kleaster. It is skerp ôfbylde op de Robleskaarten fan 1572 oangeande Lidlum.¹⁴ Yn it gefal fan Himmelum wie de bedoelde stins, dy't de Spiker neamd waard, in fersterke gebou foar de opslach fan nôt en oare libbensmiddels (Lat.: *spicarium*). We komme der aanst wiidweidich op werom. Beide soene yn de fyftjinde ieuw in rol spylje yn militêre konfrontaasjes tusken de muontsen c.q. kanunniken mei har bûngenooten oan de iene kant en aggressive buorlju oan de oare kant.

Om koart te kriemen, de polityk fan de Fryske kleasters út de tolfde en trettjinde ieu om fete- en partijstriid te mijen en sa min mooglik risiko te rinnen om slachtoffer te wurden van retributyf geweld, wie twalidich. Yn it foarste plak besochten se goeie relaasjes te ûnderhâlden mei de machtige famyljes dy't it bestjoer fan de lânsgemeenten dominearren. En twads diene se der alles oan om dúdlike fysike barrières op te werpen tusken har eigen romten en dy van de bûtenwrâld, troch it oanlizzen fan

12 J.Y. Huys in't Veld, *Het Hoogeheem, een Drents kloostervoorwerk in Groningen. Een opgraving van een podium uit de late middeleeuwen bij Hoogkerk*, Stads Fratsen, 28 (Groningen 2011).

13 H.Th.M. Lambooj, *Sibrandus Leo en zijn abtenkronieken van de Friese premonstratenzerkloosters Lidlum en Mariëngaarde* (Leeuwarden 2008), s.v. stins.

14 B. de Vries en S. van der Woude, *Caspar de Robles, de Friese Alva?* (Ljouwert 1998) pp. 39-40. Sjoch ek it omslach fan Lambooj, *Sibrandus Leo*.





muorren, grêften en – yn guon gefallen – fan stinzen of fersterke stiennen huzen op har eigen gerjochtichheid.

In proast dy't de help fan syn famylje ynropt: de casus Anjum 1430

As we de situaasje yn de fyftjinde ieu wat mear fan tichtby beskôgje, liket it dat de kleasters dy't yn de folle midsieuwen ta stân kommen wiene, doe noch hieltiten dizze twaliddige strategy folgen. Twa foarbylden kinne dat yllustrearje. De earste wurdt levere troch Anjum, in beskieden fêstiging fan de Reguliere kanunniken fan Sint Augustinus, noard fan Slappeterp.¹⁵ It stie ek wol bekend as it Berltsumer kleaster en wie stichte yn 1256. Om 1430 hinne rekke syn proast, de ynheemske pryster Sibrand Sircs, yn grutte swierrichheden om't er in leek dêr't er spul mei krigen hie, Jouric fan namme, op termyn nei de oare wrâld holp troch him in wûn mei in dolk ta te bringen. Neffens de petysje dy't er oan de paus rjochte hie en der't er syn ûnskuldigens yn bepleite en om absolúsje en rehabilitaasje frege, wie hy fuort nei it barren in hûs fan freonen yn flechte en hie er de doar efter him yn it slot smiten. By fersin waard in âld man dy't net oan him besibbe wie mar dochs yn it hûs tahâlde, troch ien fan Jouric syn folk mei in spear yn syn bûk stutsen doe't er him by in finster sjen liet. 'Collateral damage' soe dat tsjintwurdich neamd wurde. De famylje fan Jouric wie doe blykber wol tefreden mei dizze retribúsje, om't Jouric op dat momint noch net oan syn ferwûnings ferstoarn wie – hy soe pas in heal jier letter de geest jaan. Mar Sybrand syn konvint wie dat net. De kanunniken joegen him ûntslach as proast om't der bloed oan syn hannen kleefde en syn gedrach alles oars as passend foar in geastlike west hie. Hjitholle Sibrand koe dit lykwols net ferneare. Hy sammele syn miichskip en marsjearde, nei alle gedachten goed bewapene, nei it kleaster om de paters dúdlik te meitsjen dat se him as kanunnik en meibroer wer akseptearje moasten. Men soe sizze kinne dat er sa in fete tsjin syn eigen kleaster op tou sette. Yn reaksje rôpen de kanunniken om help troch de klok te lieden, en fûnen sa yniennen de hiele famylje en miichskip fan Jouric oan har kant. Yn de striid dy't dêrop folge, krige it folk fan Sibrand de oerhân. It slagge har om Jouric syn partij te ferjeien, sûnder oars ien fan har te reitsjen. Der foel spitigernôch noch wol in slachtoffer yn de persoan fan in omstanner dy't al flechtsjende yn it wetter bedarre en ferdronk.

Hokker konklúzjes kinne no út dit ferhaal lutsen wurde? Wy moatte net ferrast wêze troch it emosjonele en eksplosive gedrach fan in kleaster-

15 Foar it folgjende, sjoch J.A. Mol, 'It kleaster Anjum en syn oergong nei Windesheim', yn: R.H. Bremmer e.o., *Speculum Frisicum. Stúdzjes oanbean oan Philippus H. Breuker* (Leeuwarden 2001) pp. 23-44, 32-35.





geastlike as hear Sibrand. Lykas we al sjoen hawwe, binne der foar de midsieuwen legio gefallen fan geweldsútoefening troch muontsen en kanunniken dokumintearre, en net allinne yn Fryslân. Tink bygelyks oan de bekende ‘moard’ op abt Eelco Liauckema fan Lidlum op ien fan de úthoven fan it kleaster yn Boxum.¹⁶ Ek geastliken rekken gauris út balâns en lutsen faak in mes of in oar wapen. It wie net om ‘e nocht dat hast elk kleaster oer in finzenis beskikte, dy’t ek faak genôch troch ien of twa persoanen beset wie. It meast nijsgjirrige aspekt fan dizze kasus liket my te wezen, dat er sjen lit hoe sterk de relaasjes op dat stuit noch wiene tusken in kleasteroerste en syn miichskip. Men kin sels fan tinken hawwe dat Sibrand krekt om dy reden ta proast keazen wie, om’t men fan him wist dat er foar stipe op in grut en machtich netwurk fan famylje en freonen weromfalle koe. Fan datoangeande represintearret syn gefal grif in mear algemien patroan. Net folle letter, yn 1449, waard sels mei safolle wurden troch de prysterbruorren fan it Johanniter kleaster Hospitaal by Snits ferklearre dat se de kanunnik Geltet Harinxma fan de Windesheimer priorij Thabor by Turns as har nije kommandeur binnenhelle hiene om’t frater Geltet út it eale en machtige geslacht fan de Harinxma’s kaam dat de stêd Snits en omkriten al desennia lang behearske.¹⁷ Geltet syn eftergrûn as ealman en de stipe dy’t er fan syn sibben en migen krije soe, kamen goed fan pas om it bestean fan de yn de nederklits rekke Johanniter mienskip wer in goeie wending te jaan.

In nije generaasje mei in bettere reputaasje, dy’t besiket konflikten te mijen
Yn deselde tiid lykwols wie de monastike wrâld oan it feroarjen.¹⁸ Sûnt de lêste desennia fan de fjirtjinde ieu waard yn gâns religieuze mienskippen op fernijing oanstien en waard pleite foar it strikt yn acht nimmen fan de oarspronklike regels, benammen fan de trije fûnemintele geloften fan earmoed, keinens en gehoarsumens. Men bekritisearre ek de wrâldske belangen en preokkupaasjes fan de tradisjonele ynstellings. Yn de Noardelike Nederlannen waard dizze rop ta ynkear en reformaasje fersterke troch Geert Grote en syn beweging fan de Moderne Devoasje, dy’t har ynstitúsjonele belicheming yn de kongregaasjes fan Windesheim en de Bruorren fan it Gemene Libben fûn. Groote en syn folgers wiene fan har kant ynspirearre troch de strange libbenswize fan de doe tige populêre heremityske oarder fan de Kartuziers. Har driuw ta herfoarming waard

16 Lambooij, *Sibrandus Leo*, pp. 144-145.

17 H. Reimers (ed.), *Friesische Papsturkunden* (Ljouwert 1908), nr. XXVI.

18 Foar it folgjende, sjoch J.A. Mol, *De Friese huizen van de Duitse Orde. Nes, Steenkerk en Schoten en hun plaats in het middeleeuwse Friese kloosterlandschap* (Ljouwert 1991) pp. 113-118.





oernommen troch guon Cistersiënzer abten en troch de Krúshearen, dy't ek sukses hiene mei it stichtsjen fan nije kleasters. De beweging manifestearre him ek yn it ta stân bringen fan hûnderten konvinten fan likesusters of 'bagijnen', dy't de tredde regel fan Sint Franciscus folgen. Om 1450 hinne berikke hja ek de ferskate oarders fan de mendikanten. De nije mienskippen dy't se stichten en de konvinten dy't troch har herfoarme waarden nei't se ta har kleasterferiening talitten wiene, gedroegen har op in oare wize as de âlde net-herfoarme ynstellings. Sy keazen foar in kontimplatyf libben en besochten har gebêdskrêft te fergrutsjen troch resolut alle bannen mei de omjouwing troch te snijen. Mienskippen fan kanunniken dy't har op desielsoarch talein hiene troch har paters as pastoars yn te setten, waarden frege dêr in ein oan te meitsjen. Novisen waarden ek net mear yn de omkriten fan it kleaster rekrutearre. Fryske bruorren, bygelyks, waarden nei konvinten yn Hollân, Seelân en Flaanderen stjoerd, wylst de Fryske huzen fan Windesheim en de Krúshearen befolke waarden mei religieuzen út de IJsselstreek. Likebruorren waarden mar yn lytse oantallen mear oannommen, ûnder in tige strikt rezjym fan gehoarsumens. Alles by elkoar besoarge dit de kleasters fan de herfoarmingsbeweging in goeie namme as bedehuzen en ynstellings foar de fersekering fan it hjirneimels. Dat se – om samar te sizzen – gâns religieus respekt foar har bedriuwstak weromwûn hiene, kin ôflaat wurde út de taname fan skinkings en legaten foar deademissen yn de testaminten dy't foar Fryslân út de perioade 1450-1550 bewarre bleaun binne.¹⁹

Ferskate al lang besteande mienskippen, lykas it kleaster fan Anjum, sleaten har by in refoarmkongregaasje oan en wisten tenei al fluch in nije perioade fan bloei te realisearjen. Myn ympresje is dat – hoewol't de measte fan dy nije en fernijde ynstellings op it plattelân fêstige wiene, sûnder muorren en grêften – hja mear sukses hiene yn it ûnsnappen oan geweld as de abdijen fan de earste generaasje dy't gjin ear hiene foar de rôp om reformaasje binnen har oarders. Dat wurdt dúdlik demonstrearre troch de skiednis fan de priorij Thabor by Snits. Dy kaam yn 1406 ta stân as it tsiende lid fan de Kongregaasje fan Windesheim en wie fuort it útstrielingssintrum fan de Moderne Devoasje yn Fryslân. Hja wist safolle doonaasjes en nije leden oan te lûken dat se fyftich jier nei de stichting hast likefolle grûnbesit hie as de tichtby lizzende, ieuwenâlde Cistersiënzer abdij fan Blomkamp by Hartwert. Nettsjinsteande de partijstriid dy't de streek tusken 1480 en 1500 teistere, is Thabor nea slachtoffer wurden fan

19 J.A. Mol, 'Friezen en het hiernamaals. Zieleheilsbeschikkingen ten gunste van kerken, kloosters en armen in testamenten uit Friesland tot 1580', yn: J.A. Mol (ed.), *Zorgen voor zekerheid. Studies over Friese testamenten in de vijftiende en zestiende eeuw* (Leeuwarden 1995) pp. 175-214, 199-205.





fete- en oarlochsgeweld; dat kin fan gâns âlde en net-herfoarme kleasters net sein wurde.

Wat op dat stik fan saken de trochslach joech, skynt de geast fan wrâldskens of net-wrâldskens west te hawwen dy't de oanbelangjende ynstelling útstriede. As in kleaster, om ien of oare reden, in doel waard om rekke te wurden troch machtige lju yn de regio, dan pakten dy lju makliker troch wannear't de mienskip net in goeie religieuze reputaasje hie. Himelske wraak wie ommers net te ferwachtsjen foar muontsen dy't yn lúkse en loaiens libben. Yn sokke gefallen hie it ynsetten fan tsjerklike wapens troch abten, lykas ekskommunikaasje en ynterdikt, meastal net folle effekt, wylst it te help roppen fan befreone haadlingen mei in militêre macht de saken allinne mar kompleks makke en it konflikt eskalarjen liet.

In enerzjike abt dy't syn machtige buorman mei alle middels befjochte, 1480-1495

Dat lêste fine wy in sprekkend bewiis fan yn de draaistream fan stride-raasjes en skelen dêr't de ferienige Benediktynske kleasters fan Starum en Himmelum mei harren abt tusken 1480 en 1495 yn lutsen wiene.²⁰ Alles dat mis gean koe, gie ek echt ferkeard mei beide, oan elkoar learde konvinten dy't fuortkamen út de âldste, oan de fernamde Sint Odulfus wijde abdij fan Fryslân. Neffens ferskate kroniken begûnen de swierrichheden yn 1483, doe't de bruorren – nei it weromtreedzjen fan de gelearde mar âlde en swakke abt Dirk – de jonge sekuliere pryster Agge Thomasson, pastoar fan Aldegea (N), as har nije lieder keazen; hy moast dêrfoar wol earst in 'stoomkursus' kleasterlibben folgje, mar yn 1485 wie er al as oerste oannommen. Syn famyljenamme is net bekend, mar út de kontekst kin opmakke wurde dat er út it doarp Warns, tichteby Himmelum, kaam, wêr't syn broer in pleats hie. Hy wie dus fan einierde komôf en sil dêrom yn de streek wol respekt genoten hawwe. Fan him waard ferwachte dat er it proses fan ekonomyske en morele delgong, dêr't beide konvinten mei te kampen hiene, stoppe soe. It kin lykwols betwifele wurde oft er wol begreep hokker type fan religieus libben ferlet fan wie. Yn 1483 protestearre hy bygelyks tsjin in foarnommen fisitaasje of ynspeksje troch ôffurdige

²⁰ A.J. Andreae, 'Eene bijdrage tot de geschiedenis van de abdij van St. Odulfus te Staveren', *Friesche Volksalmanak* 1898, 70-148, 109-119; O. Vries, 'De stêden oan it roer. It tiidrek fan stedske supremasy yn Fryslân (1482-1486)', yn: O. Vries, *De taal van recht en vrijheid. Studies over middeleeuws Friesland* (Gorredijk 2012) pp. 118-150, 142-148.





abten fan it provinsjaal kapittel fan Benediktynske kleasters, wylst er twa jier letter dochs herfoarmingsgesinde muontsen út in net-Frysk kleaster oer komme liet.

Enerzjyk as manager wie hy yn alle gefal wol. Hy kearde him fuort tsjin de oanbuorjende potentat Ige Gales Galama fan Aldegea en syn twa bruorren, dy't machtsposysjes yn Koudum en Warns hiene. Dizze Ige soe in pear jier lang pachten fan de kleastermeiers yn Aldegea en Nijegea opstrutsen hawwe, foar in totaalbedrach fan mear as 450 rijnsgûne. Doe't it de nije abt net slagge in oerienkomst oer werombetelling te sluten, besleat er him en syn bruorren yn de ban dwaan te litten. Dat provosearre Ige fuortendaliks om it kleaster fan Himmelum te belegerjen en te plunderjen en tagelyk ek it fersterke foarriehûs: de Spiker, op it kleasterterrein te ferwoesten. It feit dat Himmelum sa'n fortifikaasje op it hiem hie, tsjut oan dat der mear oan de hân wie dan in skeel oer pachten en rinten. Yn de grûn hie it konflikt in politike lading. Want de fortifikaasje yn kwestje wie yn in eardere perioade boud troch de saneamde Skieringer partij, om de Fetkeaperske partij ûnder lieding fan Ige Galama syn heit Gala, dy't doe yn de streek foar master opsloech, yn bedwang hâlde te kinnen. It kleaster Himmelum hie dus in strategyske posysje en waard al lang 'beskerme' en patronisearre troch Skieringers, dy't yn dy tiid ien as mear Harinxma's út Snits as har lieder hiene. It seit himsels dat de Galama-clan it konvint mei syn Spiker-stins dêrom al like lang as in stikel yn 'e foet beskôge.

Yn reaksje op it Galama-geweld fernijde de abt de alliansje fan it kleaster mei de foarnaamste Skieringer lieder om syn opponinten út it kleasterkompleks te ferdriuwen. Dit late ta in fierdere eskalaasje, mei geweldsaksjes fan beide kanten, wêrby't hieltiten gruttere groepen fan striders yn if fjild brocht waarden. In part fan it kleasterfermogen en de kleasterkostberheden, lykas tsjelken en drinkhoarns, waard ferpâne en ferkocht om militêre bystân betelje te kinnen. Yn in lettere fase waarden op dy wize sels hûnderten hierlingen út Gelderlân en Hollân ynset. Tusken de bedriuwen troch besochten guon bestjoerders fan lânsgemeenten en fertsjintwurdigers fan ferskate stêden wol om de hoantsen by elkoar te bringen en in kompromis te bewerkjen. By ien fan dy gelegenheden, yn 1486, ferklearren de bruorren Galama wêrom't se gjin acht sloegen op it anathema dat de abt op har loslitten hie. Har saak wie de goeie. Yn har eagen wie it bouwen en bemannen fan stinzen net de taak fan muontsen; dy moasten mar in foarbyld nimme oan de freedsume priorij fan Thabor. Yn lettere dokuminten fariearde Ige Galama op dizze meldije: de kleasters fan Starum en Himmelum moasten heechnedich sanearre en reformearre wurde.





It soe tefolle romte freegje de keatling fan gebeurtenissen hjir fierder te folgjen en gear te fetsjen.²¹ Op 'e ein wiene sawol de ferienige kleasters as de machtsposysjes fan de Galama's ruinearre. Wat it konvint oanbelanget soe de jierrenlange ynterne ferdieldheid, dy't troch de koers fan de abt befoardere waard, noch tige lang it lot fan de mienskip bepale. De ôftwongen opname fan it kleaster fan Starum-Himmelum yn de Benediktynske herfoarmingskongregaasje fan Bursfeld, dy't yn 1495 noch mei optimisme yn gong set wie, rûn fêst yn skelen en skulden dy't noch yn 1525 net oplost wiene.

Konklúzje

As wy de balâns opmeitsje, liket it byld foar de fyftjinde ieu swartwyt te wêzen, in bytsje simpel sels. Oan de iene kant sjogge we de âlde kleasters dy't de rop om herfoarming net beânderen; sy wiene it dy't yn gewelds-problemen telâne kamen, fral wannear't se besochten har materiële belangen tsjin elke priis te ferdigenjen. De tradysjonele middels, dêr't se gebrûk fan makken – it rekrutearjen fan oersten út adellike famyljes, it ynsetten fan tsjerklike wapens lykas ekskommunikaasje en ynterdikt, it harsels ek fysyk mei wapens ferdigenje litte troch de ynset fan haadlingen en hierlingen – hiene allinne mar in dwersferkeard effekt. Oan de oare kant hawwe we dan de ambisjeuze mar trochstrings earme nije konvinten, plus de âlde dy't har by de nije oansleaten, mei in frisse of fernijde religieuze reputaasje. It slagge har om bûten de strideraasjes te bliuwen. Sjoen de politike ûnrêst fan de twadde helte fan de fyftjinde ieu, mei it jin wol fernuverje dat der amper ien fan har yn in lokale fete of in iepen oarloch op lytse skaal bedarre. Religieus respekt en ûntsach wie dêrby in faktor fan belang; bewuste taktyk om safolle mooglik bûten de belangestriid te bliuwen, ek al koe dat materieel neidiel opleverje, wie in oare. It wie pas yn de tiid fan de boargeroarloch tusen 1514 en 1525 dat gjin inkeld Frysk kleaster oan plondering en destruksje ûntkomme soe. De útlânske soldaten dy't doe yn grutte oantallen ynhierd waarden, toanden gjin kompassy foar hokker religieuze ynstelling dan ek. Mar dat is in oar ferhaal.

21 In wiidweidige analyse, op namme fan M. Gerrits en J.A. Mol, sil yn *De Vrije Fries* fan 2013 publisearre wurde ûnder de titel 'Macht, geweld en monniken. Partijtwisten en kloosterhervormingen in de Friese Zuidwesthoek 1482-1495'.

